

Vergaderjaar 2021–2022

35 925 VII

Vaststelling van de begrotingsstaten van het Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties (VII) voor het jaar 2022

Nr. 146

BRIEF VAN DE MINISTER VAN BINNENLANDSE ZAKEN EN KONINKRIJKSRELATIES

Aan de Voorzitter van de Tweede Kamer der Staten-Generaal

Den Haag, 25 april 2022

Met deze brief wil ik u op de hoogte brengen van de ontwikkelingen van de Friese taal, zoals aan u is toegezegd in de brief van 16 december 2019¹. Daarbij bied ik u de tussenrapportage aan over de voortgang van de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2019–2023, de inbreng over deze Bestuursafpraak van (het orgaan voor de Friese taal) DINGtiid, en een evaluatie van de Taalskipper, een rol die wordt vervuld door de provincie Fryslân². Ook ga ik in op de motie van de leden Van der Molen en Aukje de Vries over de zichtbaarheid van het Fries³.

Tussenrapportage BFTK 2019–2023

Zoals aan u is toegezegd in de brief van 16 december 2019⁴ informeer ik u over de voortgang van de implementatie van de afspraken in de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2019–2023 (BFTK).

Met de BFTK geven het Rijk en de provincie Fryslân invulling aan de gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht voor de Friese taal en cultuur, die voortvloeien uit de geratificeerde maatregelen uit het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden en de Wet gebruik Friese taal. In de BFTK zijn afspraken gemaakt op het gebied van onderwijs, cultuur, media, rechterlijke en bestuurlijke autoriteiten, het economische en sociale leven en uitwisselingen met andere meertalige regio's in Europa.

¹ Kamerstuk 35 300 VII, nr. 94.

² Raadpleegbaar via www.tweedekamer.nl.

³ Kamerstuk 35 570 VII, nr. 75.

⁴ Kamerstuk 35 300 VII, nr. 94.

In de bijlage treft u de tussenrapportage van de BFTK aan, waarin wordt ingegaan op de geleverde inspanningen, de behaalde doelen en de aandachtspunten in de periode van begin 2019 tot half 2021.

Het grootste deel van de overeengekomen afspraken is halverwege de looptijd al uitgevoerd, een kleiner deel is nog niet volledig uitgevoerd en een aantal afspraken is van doorlopende aard. Naast deze lopende afspraken zijn het Rijk en de provincie overeengekomen de rest van de looptijd van de Bestuursafpraak volop in te zetten op de zichtbaarheid van de Friese taal in de publieke ruimte en in communicatie-uitingen en het gebruik van de Friese taal in de rechtspraak en in het onderwijs.

Op 17 december 2020 (Handelingen II 2021/22, nr. 39, item 36 stemde uw Kamer in met de motie⁵ van de leden Van der Molen en Aukje de Vries over een akkoord met de provincie Fryslân om de zichtbaarheid van het Fries en de communicatie in het Fries te versterken. In navolging van deze motie zal ik op 25 april met de provincie Fryslân een zichtbaarheidsakkoord ondertekenen. Ik zal uw Kamer dit akkoord doen toekomen.

In 2019 heb ik met de provincie Fryslân aan het adviesorgaan DINGtiid gevraagd om inbreng te leveren voor de tussenrapportage van de BFTK. In reactie hierop heeft DINGtiid met partijen uit onder andere media, wetenschap en de culturele sector gesprekken gevoerd om de Bestuursafpraak te evalueren en nieuwe ambities op te stellen voor de volgende Bestuursafpraak die in 2024 ingaat. U vindt de inbreng van DINGtiid in de bijlage.

DINGtiid zou graag zien dat de volgende Bestuursafpraak 2024–2028 aan de betrokken organisaties nog meer ruimte biedt om vanuit hun eigen creativiteit en expertise invulling en uitvoering te geven aan hun ambities voor het Fries. Het stimuleren van de onderlinge samenwerking tussen de betrokken organisaties verdient daarbij extra aandacht. Verder geeft DINGtiid aan dat het belangrijk is de inwoners van Fryslân actief bij het taalbeleid te blijven betrekken en er zo voor te zorgen dat de Friese taal voor hen een vanzelfsprekend onderdeel blijft van het dagelijks leven.

Evaluatie Taalskipper

De provincie Fryslân heeft als meest betrokken bestuurslaag de coördinerende rol van «Taalskipper». Als Taalskipper zorgt de provincie in overleg met het Rijk voor heldere aansturing, ambitie en samenwerking in het Friese taaldossier in de provincie Fryslân. Zoals afgesproken in de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2019–2023 is deze rol van Taalskipper halverwege de looptijd geëvalueerd. Uit deze evaluatie blijkt dat de betrokken partijen in grote lijnen tevreden zijn over de wijze waarop de provincie de rol van Taalskipper vervult; de Taalskipper verbindt, bepaalt de koers en geeft overzicht. Er is meer aandacht gekomen voor het taalbeleid op de lange termijn, bijvoorbeeld met het Taalplan Frysk 2030. Uit de evaluatie komt verder naar voren dat sommige geïnterviewden vraagtekens plaatsen bij de toegevoegde waarde van de rol van de Taalskipper ten opzichte van werk dat de provincie eerder al deed. Verder kan de Taalskipper nog in zijn rol groeien en bredere bekendheid krijgen.

In de besprekingen voor de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2024–2028 neem ik de uitkomsten van de tussenrapportage, de inbreng van DINGtiid en de evaluatie van de Taalskipper mee. Ik ben dankbaar voor wat op het gebied van de Friese taal is bereikt en voor de inzet die

⁵ Kamerstuk 35 570 VII, nr. 75.

door de betrokken partijen wordt getoond om de gemaakte afspraken uit te voeren.

Oangeande: Stân fan saken Fryske taal

Mei dizze brief wol ik jimme op de hichte bringe fan de ûntjouwingen fan de Fryske taal, lykas oan jimme tasein is yn de brief fan 16 desimber 2019⁶. Dêrby bied ik jimme de tuskenrapportaazje oan oer de fuortgong fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019–2023, de ynbring oer dy Bestjoersôfspraak fan (it orgaan foar de Fryske taal) DINGtiid, en in evaluaasje fan de Taalskipper, in rol dy't ferfolle wurdt troch de provinsje Fryslân. Ik gean ek yn op de moasje fan de leden Van der Molen en Aukje de Vries oer de sichtberens fan it Frysk⁷.

Tuskenrapportaazje BFTK 2019–2023

Lykas oan jimme tasein yn de brief fan 16 desimber 2019⁸ ynformearje ik jimme oer de fuortgong fan de ymplementaasje fan de ôfspraken yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019–2023 (BFTK).

Mei de BFTK jouwe it Ryk en de provinsje Fryslân ynfolging oan de mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer, dy't folgje út de ratifisearre maatregels út it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en de Wet gebrûk Fryske taal. Yn de BFTK binne ôfspraken makke op it mêd fan ûnderwiis, kultuer, media, rjochterlike en bestjoerlike autoriteiten, it ekonomyske en sosjale libben en útwikselingen mei oare meartalige regio's yn Europa.

Yn de bylage fine jimme de tuskenrapportaazje fan de BFTK, wêryn't yngien wurdt op de levere ynspanningen, de behelle doelen en de oandachtspunten yn de perioade fan begjin 2019 oant heal 2021.

It grutste part fan de oerienkommen ôfspraken is healwei de rintiid al útfierd, in lytser part is noch net folslein útfierd en in oantal ôfspraken is fan trochrinnende aard. Neist dy rinnende ôfspraken binne it Ryk en de provinsje oerienkommen om de rest fan de rintiid fan de Bestjoersôfspraak folop yn te setten op de sichtberens fan de Fryske taal yn de publike romte en yn kommunikaasje-uteringen en it gebrûk fan de Fryske taal yn de rjochtspraak en yn it ûnderwiis.

Op 17 desimber 2020 stimde jimme Keamer yn mei de moasje⁹ fan de leden Van der Molen en Aukje de Vries oer in akkoart mei de provinsje Fryslân om de sichtberens fan it Frysk en de kommunikaasje yn it Frysk te fersterkjen. Yn neifolging fan dy moasje sil ik op 25 april mei de provinsje Fryslân in sichtberensakkoart ûndertekenje. Ik sil jimme Keamer dat akkoart takomme litte.

Yn 2019 haw ik mei de provinsje Fryslân oan it advysorgaan DINGtiid frege om ynbring te leverjen foar de tuskenrapportaazje fan de BFTK. Yn reaksje dêrop hat DINGtiid mei partijen út ûnder oaren media, wittenskip en de kulturele sektor petearen fierd om de Bestjoersôfspraak te evalu-earjen en nije ambysjes op te stellen foar de folgjende Bestjoersôfspraak dy't yn 2024 yngiet. Jimme fine de ynbring fan DINGtiid yn de bylage.

⁶ Keamerstik 35 300 VII, nr. 94.

⁷ Keamerstik 35 570 VII, nr. 75.

⁸ Keamerstik 35 300 VII, nr. 94.

⁹ Keamerstik 35 570 VII, nr. 75.

DINGtiid soe graach sjen dat de folgjende Bestjoersôfspraak 2024–2028 oan de oanbelangjende organisaasjes noch mear romte biedt om út harren eigen kreativiteit en ekspertize wei ynfolling en útfiering te jaan oan harren ambysjes foar it Frysk. It stimulearjen fan de ûnderlinge gearwurking tusken de oanbelangjende organisaasjes fertsjinnet dêrby ekstra omtinken. Fierder jout DINGtiid oan dat it wichtich is om troch te gean mei it aktyf beheljen fan de ynwenners fan Fryslân by it taalbelied en der noed foar te stean dat de Fryske taal foar harren in fanselsprekkend ûnderdiel bliuwt fan it deistich libben.

Evaluaasje Taalskipper

De provinsje Fryslân hat as meast belutsen bestjoerslaach de koördinearjende rol fan «Taalskipper». As Taalskipper stiet de provinsje yn oerlis mei it Ryk noed foar in heldere oanstjoering, ambysje en gearwurking yn it Fryske taaldossier yn de provinsje Fryslân. Lykas ôfpraat yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019–2023 is dy rol fan Taalskipper healwei de rintiid evaluatearre. Út dy evaluaasje docht bliken dat de oanbelangjende partijen yn grutte halen tefreden binne oer de wize dêr't de provinsje de rol fan Taalskipper op ferfollet; de Taalskipper ferbynt, bepaalt de koers en jout oersjoch. Der is mear omtinken kommen foar it taalbelied op de lange termyn, bygelyks mei it Taalplan Frysk 2030. Út de evaluaasje komt fierder nei foaren dat guon minsken dy't ynterviewd binne, fraachtekens sette by de tafoege wearde fan de rol fan de Taalskipper neffens it wurk dat de provinsje earder al die. Fierder kin de Taalskipper noch yn syn rol groeie en bredere bekendheid krije.

Yn de besprekkingen foar de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024–2028 nim ik de útkomsten fan de tuskenrapportaazje, de ynbring fan DINGtiid en de evaluaasje fan de Taalskipper mei. Ik bin tankber foar wat op it mêd fan de Fryske taal berikt is en foar de ynset dy't troch de oanbelangjende partijen toand wurdt om de ôfspraken dy't makke binne, út te fieren.

De Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties,
De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,
H.G.J. Bruins Slot